



Ferkiezingsprogram

Provinsjale Steaten 2023-2027



Foar in hoopfolle takomst

ChristenUnie
Fryslân

Yndeks

Ynlieding	3
Hoopfolle regio	4
Hoopfolle skepping	8
Hoopfolle mienskip	15

Ynlieding

Wy binne tankber foar Fryslân! Tankber foar de prachtige natuer yn ús provinsje. Tankber foar ús ûndernimmers dy ús ekonomy en wurkgelegenheid fersterkje wolle. Tankber om't der eltse dei frijwilligers klear stean om oaren te helpen. Mar we meitsje ús ek soargen. Hoe soargje we derfoar dat eltsenien, nettsjinstearde harren eftergrûn of beheining, folslein meidwaan kin yn ús maatskippij? Hoe soargje we foar foldwaande wurkgelegenheid, ek foar de folgjende generaasje? Dogge we wol genôch om ús ierde te beskermjen?

De ChristenUnie is har fan dizze dingen bewust en sjocht dat de wize wêrop we mei inoar de mienskip foarm jouwe fragen opropt. Gelokkich hawwe we ek sjoen dat as it der op oankomt we yn Fryslân each foar inoar hawwe. Dat we by steat binne om inoar op kreative manieren te finen en inoar te helpen. Wy binne der fan oertsjûge dat it mear dan ea wichtiger is om te leauwen yn en te wurkjen oan in provinsje wêr it net mear giet om 'ik' mar mear en mear om 'wy'.

Dêrom gean wy mei dit programma de kommende ferkiezings yn. Nettsjinstearde de grutte finansjele en maatskiplike útdagings presintearje we ús ferkiezingsprogram fol plannen foar Fryslân dy sjen litte dat de ChristenUnie ynvestearje wol in soarch foar inoar, yn in oerheid dy bûnsgenoat is fan de ynwenners fan Fryslân, yn in duorsume ekonomy en yn karren dy goed binne foar Gods skepping.

De ChristenUnie basearret har op de Bibel en wurket oan in wrâld dy earlik is en leefber bliuwt, ek foar ús bern. De ChristenUnie fynt eltsenien lykweardich. We sette ús yn foar in mienskip wêryn minsken soargje foar inoar. We komme op foar harren dy net foar harren sels op komme kinne en soargje goed foar de natuer dy we fan God krigen hawwe. Op dizze wize jouwe we ynfolling oan ús leauwen.

By it sykjen nei antwurden op de útdagings fan dizze tiid litte wy ús as kristlike partij ynspirearje troch de Bibel. Yn de Bibel giet it oer minsken, oer de mienskip en ek oer de oerheid. De Bibel hat in befrijende boadskip dy hoop jout. Dêrom jouwe wy ús programma de titel, Foar in hoopfolle takomst!

Ik ha jimme lok foar eagen, net jim ûngelok; ik sil jim in hoopfolle takomst jaan (*Jeremia 29:11*)

It is in tiid fan tsjinstellings en ûnferwachte feroarings; krisissen folgje inoar yn in hastich tempo op. Minsken hawwe soarch en eangst oer de takomst. De ChristenUnie is in partij fan hoop. De kommende fjouwer jier wolle wy ús, mei alles wat ús jûn is, ynsette foar in hoopfolle takomst foar eltse ynwenner yn Fryslân.

Wy wolle it petear oangean, lústerje en karren meitsje. Dit betsjut net dat dit in mei goud omrâne takomst is, mar in takomst wêryn eltsenien meikomme kin en der in fangnet is as dat net slagget. We soargje foar inoar en foar de skepping, biede de jongerein in hoopfolle takomst en litte âlderen weardich âld wurde. Net ien wurdt oan harren lot oerlitten. Wylst elk unyk minske weardefol is yn Gods eagen en de ierde oan ús tabetroud is. Foar ús wiist de slogan ek nei de ultieme takomst: Gods keninkryk.



Hoopvolle regio

Hoopfolle regio

Ekonomy

In sûne ekonomy jout kânsen om duorsum te ûndernimmen, mei respekt foar minske en natuer. De ChristenUnie Fryslân stribbet net nei maksimale groei, mar nei maksimale bloei. Wy wolle 'brede wolfeart' foar eltsenien. Dit betsjut dat wolfeart en wolwêzen mei inoar yn balâns binne.

It midden-en lytsbedriuw (MKB) is de motor fan de ekonomy fan Fryslân en Noard-Nederlân. De ChristenUnie wol it festigingsklimaat yn Fryslân bliuwend fersterkje, ûnder mear troch de MKB-voucherregeling út te wreidzjen en bedriuwen noch mear te stimulearjen om te ynnovearjen en te ferduorsumjen.

Ús ambysje is dat Fryslân koprinner wurdt yn de sirkulêre ekonomy in Nederlân en Europa. Wy stribje nei slutende sykly en wergebrûk fan grûnstoffen. Dit past by ús fyzje op goed rintmasterskip. We sette yn op it net gebrûken, it minder gebrûken, it werbrûken, it wêrom winnen en kompostearjen fan materialen en grûnstoffen. Wy wolle dat de provinsje tegearre mei gemeenten, ûnderwiis, maatskiplike organisaasjes en bedriuwen ta ambisjeuze sirkulêre doelstellings komt. De provinsje kin hjiryn in foarbyld wêze troch safolle mooglik sirkulear yn te keapjen en yn al har beliedsprogramma's oandacht te jaan oan sirkulêre ekonomy.

De Fryske belangen moatte goed behertige wurde yn Den Haach en Brussel. Dêrom stjoere wy oan op in sterkere lobby. Wy wolle dat Fryslân dielnimmen bliuwt oan it gearwurkingsferbân Noard-Nederlân (SNN), mar derneist ek in eigen lobby fiert om mear subsydzjes foar Fryslân binnen te heljen en mear bedriuwen nei Fryslân te lûken.

De ferduorsuming fan bedriuweterreinen moat fersneld wurde. Wy sette yn op sirkulêre bedriuweterreinen, foarsjoen fan duorsume enerzjy. De provinsje hat hjirby in wichtige rol as stjoerder en ferbiner. Wy wolle dat de provinsje tegearre mei oare oerheden en bedriuwen in konvenant opstelle om de fersnelling de kommende jaren ek te realisearjen.

Ús spearpunten en boustiennen:

- + Ynsette op koprinersposysje foar Fryslân op it mêd fan de sirkulêre ekonomy
- + Stimulearjen MKB-ynnovaasjekrêft troch útwreiding fan de MKB-voucherregeling
- + Fersterkjen fan de Fryske lobby in Den Haach en Brussel
- + Ferduorsumjen en Fergrienen fan bedriuweterreinen

Rekreaasje en toerisme

Karakteristyk foar Fryslân binne de rêst, romte, fiergesichten en skjinne lucht. Unyk yn Nederlân. Wy binne grutsk op de diversiteit oan lânskippen, de Fryske kultuer en de Fryske taal. Dizze kwaliteiten moatte benut wurde én beskerme. Dat freget soarchfâldichheid yn it útwurkjen fan belied en plannen.

De sektor toerisme en rekreaasje draacht by oan de brede wolfeart yn Fryslân. In protte toeristyske en rekreaasjebedriuwen binne famyljebedriuwen, mei in grut ferskaat. Dat ferskaat wolle wy bliuwend stypje. It programma "Gastfrij Fryslân" hat har de ôfrûne jierren bewiist. Hjirfoar wolle wy de kommende perioade wer middels beskikber stelle. Rekreative foarsjennings binne der net allinnich foar toeristen, mar ek foar eigen ynwenners. Dit freget om slimme kombinaasjes en goeie tagonklikheid fan foarsjennings.

Fryslân is 'it lân fan ferhalen'. Dy ferhalen wolle we diele, bygelyks mei QR-koades op boarden lâns boerelânpaden en tsjerkepaden. Dy paden moatte sa tagonklik mooglik makke wurde om't se in fisitekaartsje binne foar ús provinsje.

Ús spearpunten en boustiennen:

- + Ferbetterjen fan rekreative en toeristyske foarsjennings foar toeristen en ynwenners
- + Fersterkje fan it netwurk 'It lân fan ferhalen' lâns boerelânpaden en tsjerkepaden
- + Beskermje fan it lânskip; ûntwikkelingen yn it bûtengebiet wurden soarchfâldich lânskiplik ynpast
- + Stimulearjen fan ferskaat yn it oanbod yn de rekreaasjesektor.

Mobiliteit

Foar in leefbere provinsje is goeie berikberens fan krúsjaal belang. Dy berikberens stiet ûnder grutte druk. Yn koroanatiid is it iepenbier ferfier wêrom rûn en binne tsjinstregelings beheind.

De ChristenUnie Fryslân sjocht goed iepenbier ferfier as basisbetingst foar de leefberens. De provinsje hat hjiryn in grutte ferantwurdlikens. Mei in nije konsesje op komst is it wichtich om ynnovaasje te stimulearjen. Bygelyks troch ferienigingen fan doarpsbelangen en yndividuele ynwenners út te dagen om mei ynnovative ideeën te kommen om it OV te stimulearjen. Dêrneist wolle wy mobiliteitshubs stimulearje mei oplaadpunten foar auto en fyts en pakkethubs.

Fytse is sûn en troch te fytsen drage wy wezenlik by oan de ferduorsuming fan de mobiliteit. De ChristenUnie hat de ambysje om fan Fryslân dé fytsprovinsje fan Nederlân te meitsjen. Wy ynvestearje in útwreiding fan fytssnelwegen en fierdere fytsynfrastruktuer. Om it gebrûk fan de fyts te stimulearjen ynvestearje wy yn bettere foarsjennings foar de fyts op stasjons en hubs en bliuwe wy it gebrûk fan de OV-fyts en dielfyts oanmoedigjen. De ChristenUnie is foarstanner fan it stimulearjen fan de fytshelm op de (elektryske) fyts, wy rjochtsje ús hjirby mei namme op kwetsbere doelgroepen.

De Fryske ynfrastruktuer fan diken is foar it grutste part klear en it ûnderhâld fan ús diken is op oarder. By ferfanging en ûnderhâld fan dykfakken wolle wy flústerasfalt om de libbenswille fan ynwenners te fergrutsjen. In oandachtspunt bliuwt de dyk Ljouwert - Snits. Opwurdearring fan dizze dyk hat ús foarkar boppe in nij trasee.

De spoardiken binne foar Fryslân minstens sa wichtich as de autodiken. Wy meitsje ús soarchen oer de spoarferbining nei de Rânestêd. Dy ferbining is fan essinsjeel belang. Dêrom bliuwe wy ynsetten op it behâld fan fjouwer treinen per oere tusken Ljouwert en Swolle en de realisearje fan stasjon Werpsterhoeke. Wy wolle dat treinen by grutte reedriideveneminten stoppe by stasjon Hearrenfean-Thialf. Ek binne wy grut foarstanner fan de ûntwikkeling fan de Lelyline. Dizze line makket it foar minsken mooglik om yn ús provinsje te wenjen en/of te wurkjen en lied dêrmei ta fersterking fan de Fryske ekonomy.

De ferfanging fan de HRMK-brêge bij Ljouwert troch in spoarakwadukt is in stap tichterby kommen trochdat it rijk in bedrach fan 75 miljoen euro tasein hat. Wy wolle dat hjiroer ynkoarten in definityf beslút nommen wurdt en dat it spoarakwadukt realisearre wurdt.

Wy wolle it ferfier fan guod oer it wetter stimulearje en dermei it ferfier oer de dyk ferminderje. De provinsje kin hjiryn in stjoerende rol ferfolje troch in nije fyzje op de (elektrifikaasje fan de) binnenfeart te ûntwikkeljen, antispearjend op takomstige easken. De tiid is der ryp foar: de opwurdearring fan it Prinses Margrietkanaal is fier foardere, de slús by Koarnwertersân wurdt breder. En derneist levert de MBU-oplieding foar de binnenfeart yn Harns de noadige jonge fakminskens ôf.

Ús spearpunten en boustiennen:

- + Realisearje Lelyline, mei in folweardige ôftakking nei Ljouwert
- + Behâlden fan 4 treinen per oere fan Ljouwert nei Swolle en vice versa
- + Realisearje fan stasjon Werpsterhoeke
- + Ynsette op ynnovaasje en fersterking fan it iepenbier ferfier

- ⊕ De provinsje stimulearet it gebrûk fan de fytshelm foar kwetsbere doelgroepen op de (elektryske) fyts
- ⊕ De provinsje ynvestearet in útwreiding fan fytssnelwegen dy oantreklik binne foar wurkferkear. De ChristenUnie jout dermei romte oan de fluche fytsers (e-bikes, speedpedelecs en racefytsers)
- ⊕ De provinsje ynvestearet yn bettere fytsfoarsjennings; bygelyks bij stasjons en hubs om de (elektryske) fyts in oantreklik ferfiersalternatyf te meitsjen. In goed aanbod fan OV-fytsen is hjir wichtich
- ⊕ Úntwikkelen fan in fyzje op duorsume kanalen en havens
- ⊕ Befoarderje fan de elektrifikaasje fan de binnenfeart

Finânsjes

De begrutting fan de provinsje is de ôfrûne jierren lytser wurden. Dizze trend giet de kommende jierren troch. De tiid fan de Nuon-jilden is foarby. Dit freget realisme op it gebied fan finânsjes. Wy wolle de provinsjale opsinten behâlde as boarne fan ynkomsten.

It is wichtich om de keartaken fan de provinsje skerp del te setten. Yn ús fyzje hat de provinsje de taak om har as partner fan gemeenten op te stellen by it op oarder krijen en hâlden fan de gemeentlike finânsjes. Dit rikt fierder dan it wetlik ferplichte finansjeel tafersjoch. De provinsje kin meitinke en advisearje, mei respekt foar de eigen ferantwurdlikheid fan gemeenten.

Ús spearpunten en boustiennen:

- ⊕ Diskusje oangean oer keartaken provinsje
- ⊕ Hânhavenje fan provinsjale opsinten op it hjoeddeiske nivo

Bestjoerlike fernijing

It binne (polityk) ûnrêstige tiden. De ôfstân tusken ynwenners en oerheid liket grutter dan ea en dat wylst der grutte (maatskiplike) fraachstikken binne dy in oplossing freegje. De ChristenUnie fynt it wichtich dat ynwenners har heard en serieuus nommen fiele. Dêrom wolle wy eigen inisjativen fan ynwenners stimulearje. We wolle minder regels dy inisjativen fan ynwenners beheine. Ek moatte ynwenners stipe krije kinne troch in inisjatyfkoördinator. It is wichtich dat de provinsje in lykwaardige partner is foar maatskiplike inisjativen.

Ús spearpunten en boustiennen:

- ⊕ De provinsje is leechdrompelig berikber foar ynwenners
- ⊕ De provinsje iepent in inisjatyfloket en stelt in inisjatyfkoördinator oan



Hoopvolle skepping

Hoopfolle skepping

Lânbou

Fryslân is dé lânbouprovinsje fan Nederlân. Yn ús fyzje stean lânbou en natuer net tsjin inoar oer, mar neist inoar. Goed rintmasterskip hâldt yn dat we de fruchtbere grûn brûke, mar sûnder de boaiem út te putten.

De ChristenUnie fynt it fan grut belang dat boeren perspektyf krije. Wy wolle dat jonge boeren foarrang krije by ferkeap fan lânbougrûn troch de provinsje. Wy sette yn op in takomstbestindige grûnkeppele en duorsume lânbou, mei each foar ekologyske, ekonomyske en sosjale wearden.

Sykluslânbou soarget foar in duorsume itensfoarsjenning en foar behâld fan bioferskaat, sûnder of mei minimale negative gefolgen foar boaiem, natuer en klimaat. Yn dizze syklus moat ek de konsumint plak krije. Wy wolle de produksje en ferkeap fan lokale produkten stimulearje. In goeie priis foar in moai produkt jout ûndernimmers de kâns harren te ûntwikkeljen en jout ynwenners de kâns te genietsjen fan produkten fan eigen boaiem.

Boeren witte as earsten wat der kin en nedich is as it giet om dongfersprieden, siedzje en rispje. Dochs binne in protte aktiviteiten op lânbougrûn mei in fêste kalinder regulearre. Dit soarget foar spanningen. De lânbou freget mear fleksibiliteit yn eigen regio. De rol fan de provinsje is dêryn beheind; in protte lânboubelied wurdt ommers yn Brussel makke. Fryslân kin lykwols troch pilots en monitoaring sjen litte dat it oars kin.

Nederlân en Fryslân stean foar de opjefte om de stikstofútstjit de kommende jierren te beheinen. Dit is net allinnich in opjefte foar de lânbou, mar foar alle sektoaren. Allinnich as we mei inoar de problemen oplosse, is der foar eltsenien perspektyf.

De 'Fryske Oanpak' biedt romte foar gebietsproessen wêryn grûnbrûkers op pleatslik nivo de útdagings oangean. Dy oanpak biedt ek kânsen foar jonge startende boeren. Bygelyks yn de foarm fan pilots wêryn ynnovativen fersocht wurde, rjochte op doelen as emisjereduksje, wetterkwaliteit, boaiemfruchtberens en it tsjingeane fan klimaatferoaring.

De omslach nei in duorsume lânbou begjint yn it ûnderwiis. De onderwiisynstituten Aeres en it "Van Hall"-ynstitút kinne dêroan bijdragen. Ús ambysje is dat de lânbou in Fryslân in foarbyld is foar Nederlân.

Feangreidegebiet

Fryslân hat san 80.000 ha feangreidegebiet. De ôfrûne desennia wie it belied rjochte op ûntwettering en peilferleging (peil folget funksje), wêr troch de feangebieten sakke binne mei as gefolch dat hjir in protte CO₂ frijkomt. De CO₂-uitstjit moat yn 2030 mei 55% daald wêze yn fergelyk mei 2010. Dit freget in wiziging fan it provinsjale belied: it wetterpeil yn de feangreidegebieten moat omheech. Dêrmei behâlde we it fean en nimt de CO₂-útstjit ôf.

By in heger wetterpeil kinne boeren yn dit gebiet net mear op deselde wize it lân bewurkje. Ek komt de greidegong ûnder druk te stean. De ChristenUnie fynt dat de belutsen boeren perspektyf krije moatte. De oanpak fan dizze problematyk kin allinnich slagje troch yntinsyf mei boeren gear te wurkje en mei maatwurk-oplossings te kommen. Ek moatte boeren stipe wurde by it ûntwikkeljen fan nije fertsjinmodellen. Tink oan de teelt fan de lisdodde as grûnstof foar sirkulêre wenningbou. Dêrbij is de earste jierren in oergongskompensaasje fanút de oerheid needsakelik. In opsje is ek it pleatsen fan sinnepanielen op grûn dy minder geskikt is foar lânbou. Dit freget ûndersyk nei it ferantwurde ynpasjen fan sinnefjilden yn it lânskip.

Ús spearpunten en boustiennen:

- + Stribje nei lykwicht tusken lânbou en natuer
- + Maksimal ynsette op grûnbûne, duorsume lânbou
- + Ynsette op in sa lyts mooglike syklus
- + Perspektyf biede foar (jonge) boeren
- + ûnderwiis aktyf belûke bij de transysje fan de lânbou
- + Eksperimintearje mei alternative fertsjinmodellen yn it feangreidegebiet
- + Pilots útfiere rjochte op stikstofreduksje en ferbettering boaiemlibben

Fundearringsskea

It sakjende feangreidegebiet soarget ek foar in probleem foar wennings dy op houten peallen boud binne. Dizze peallen ferrotsje trochdat se drûch komme te stean. Dat liet ta grutte skea oan de hûzen (yn trochsneed sa'n € 100.000). Yn guon gefallen is sloop de iennichste opsje. Dy kosten kinne húseigeners net samar ophoastje. Nei in langslepende diskusje wurdt it tiid dat de provinsje hjirfoar ferantwurdlikheid nimt, tagelyk mei it Wetterskip en it Riik. Hjir is ein 2022 in begjin mei makke. Dupearde húseigeners moatte romhertich kompenearre wurde.

Natuer- en lânbougrûn

De wetterkwaliteit, de boaiemsûnens, it bioferskaat, de greidefûgels, de skea troch guossen en eksoaten en in drigend tekoart oan sûn drinkwetter, al dizze saken fereaskje in yngeande besinning fan it gebrûk fan natuer en lânbougrûn. Dy oerwaging is in saak fan de oerheid, boeren en natuerorganisaasjes en ek fan belutsen bedriuwen en kennisynstellings. Lokale kennis is fan grut belang om troch gebietsprosessen ynfolling te jaan oan de taakstellings.

De easken foar reduksje fan de stikstofútstjit en de kwaliteitseasken foar wetter en boaiem binne keppelen oan ynspanningsferplichtings dy al yn 2027 en 2030 ta resultaten liede moatte. De ChristenUnie wol dat de ymplementaasjeplannen yn koarten ree binne. Dêr heart ek in pasjende finansjele foarsjenning bij.

De gearwurking fan de provinsje mei de dielnimmende partijen yn Natuer mei de Mienskip litte sjen dat mei publyk-private gearwurking in protte berikt wurde kin. Yn dit spoar wurkje we fierder. Wy fine it op it stuit net nedich om it ynstrumint fan ûnteigening yn te setten.

It ûnderhâld fan de eigen tún belûkt jong en âld by it belang fan duorsum behear fan natuer- en lânbougrûn. Dêrom set de provinsje har yn – mei musea en kennisynstellings – foar in goeie publike foarljochting oer it stimulearjen fan bioferskaat.

Predaasjebehear

Fryslân is dé provinsje fan de greidefûgels. Greidefûgels wurde lykwols tanimmend bedrige troch rôfdieren dy it op (jonge) fûgels foarsjoen hawwe. Wy wolle predaasje-lyje gebieten wêr greidefûgels rêstich briede kinne en harren jongen grutbringe kinne. Yn dizze gebieten wurde rôfdieren aktyf bûten sletten.

De oanwêzigheid fan de wolf in Fryslân soarget foar ûnrêst. Bij gebrek oan natuerlike fijânnen kin de wolvenpopulaasje flink tanimme, mei alle net winske gefolgen dêrfan. Foaral skieppehâlders binne bang dat wolven grutte skea ta bringe oan harren keppels skiep. De ChristenUnie fynt dat der yn ús kultuerlânskip gjin plak is foar de wolf.

Ús spearpunten en boustiennen:

- + Gjinn ferplichte útkeap fan boeren
- + Op transparante wize yn petear bliuwe mei boere-organisaasjes, natuerorganisaasjes, bedriuwlibben en kennisynstellings

- ⊕ Ynsette op gebietsprosessen en passende ynstruminten om knipepunten yn logysk gearhingjende gebieten oan te pakken. Kennis, ynnovaasjes en fertsjinmodellen binne hjirbij ta stipe
- ⊕ Natuer mei de Mienskip ek yn oare farianten útfiere
- ⊕ Dielen fan resultaten fan pilots – sintralisearre en fasilitearre – mei oare belanghawwenden
- ⊕ Ynwenners stimulearje harren persoanlik yn te setten om de fergriening fan harren omjouwing te stypjen
- ⊕ Aktyf oplossings te sykjen foar it beheinen fan de wolf as bewenner fan Fryslân

Duorsumens

Wy leauwe dat God ús in wrâld jûn hat wêr wy fan genietsje kinne en wêr we foar soargje moatte. It giet lykwols net goed mei de ierde. Wy wolle dêrfoar yn ús omjouwing ferantwurdlikens nimme. Duorsumens moat yntegraal yn elts beliedsdomein meinommen wurde. Wy neame dat: goed rintmasterskip.

Energzy is dêrby in wichtich tema. We hawwe energzy nedich om hûzen te ferwaarmjen, apparaten fan stroom te foarsjen en om ús te ferpleatsen. De útdaging is om dat te dwaan op in wize dy net ta skea giet fan de ierde. De energzytransysje is in maatskiplike transysje. We wolle dat eltsenien mei dwaan kin: jong en âld, rijk en earm. Energzyearmoed moat foarkommen wurde. It is wichtich dat de maatregels foar ferduorsuming foar eltsenien helber en betelber binne.

De kommene jierren krijt de provinsje middels fan it Rijk om te ynvestearjen yn duorsumens. Duorsumens is al langere tiid in topprioriteit yn Fryslân, sawol bij de provinsje as by ynwenners. Mear en mear ynwenners nimme inisjativen om pleatslik energzy op te wekken en om hûzen en wenwyken te ferduorsumjen. Energzykoöperaasjes en lokale inisjativen binne yn ús eagen de helden fan de energzytransysje. Ha bringe de transysje tichter by de boarger en meitsje pleatslik eigendom mooglik. Wy wolle dizze hoopfolle en needsaaklike beweging nei in griene en duorsume wenomjouwing fersterkje en fersnelle. De provinsje moat dizze koöperaasjes praktysk en finansjeel stypje.

Besparje

De grutste energzybesparring is energzy dy net brûkt wurdt en CO2 dy net útstjitten wurdt. De earste stap is dus: minder energzy ferbrûke. De ChristenUnie set dêrom fol yn op isolaasje fan wennings. Ek fan ferâldere sosjale wentebou. Om dit te realisearjen binne goed oplieden faklju nedich. Dy binne der no net genôch, wêr troch moaie plannen fertraagje. Wy wolle dat de provinsje de rezjy nimt en dit probleem tegearre mei oare oerheden, de Fryske Energzy Alliânsje (FEA), bedriuwen en ûnderwiis- en kennisynstituten oanpakt, ek troch middel fan de Regionale Energzystrategy.

De provinsje ûndersiket tegearre mei gemeenten hoe ynwenners mei in smelle beurs meikomme kinne yn de energzytransysje. It Energzyteam Fryslân is in netwurk wêryn mear dan 100 energzycoaches en energzyadviseurs oan it wurk binne. De ChristenUnie wol dit soort inisjativen stypjen bliuwe.

It is wichtich dat de provinsje sels it goeie foarbyld jout by it werombringen fan de CO2-uitstjit. Provinsjegebouwen moatte yn 2030 klimaatneutraal wêze. Nije provinsjale ynfrastuktuer moat klimaatneutraal oanlein wurde.

Ús spearpunten en boustiennen:

- ⊕ Eltsenien moat mei dwaan kinne mei de energzytransysje
- ⊕ Energzykoöperaasjes en lokale inisjativen praktysk en finansjeel stypje
- ⊕ Soargje foar foldwaande goed oplieden faklju
- ⊕ Provinsjale gebouwen klimaatneutraal in 2030
- ⊕ Provinsjale ynfrastuktuer klimaatneutraal oanlizze

Enerzjymiks

It gebrûk fan fossyle brânstoffen moat foars omleech. Ús ambysje is in gaslease provinsje. Dêrom binne wy tsjin gaswinning yn Fryslân en it Waad. Wy sette yn op in brede miks fan duorsum opwekke enerzjy: wyn, sinne, ierdwaarmte, biogas en wetterstof. Lânskiplik ynpasse en maatskiplik draachflak binne hjirby wichtiche kritearia.

De ChristenUnie wol folle mear romte foar lytse wynmûnen, de saneamde Grinzer mûne. Wol is lânskiplik ynpassen in wichtich kritearium. In doarpsmûne, lykas de wynmûne by Reduzum, is in moai foarbyld fan lokale opwekking fan enerzjy mei in grut draachflak. De ChristenUnie wol dat soarte fan inisjativen yn doarpen stimulearje, ûnder betingst dat der foldwaande draachflak is ûnder de ynwenners en de mûne lânskiplik ynpast wurde kin. Dat betsjut dat der in grins is oan de hichte fan mûnen.

As it om grutte wynmûnen giet, hawwe wy de foarkar foar pleatsing op see. Nei in soarchfâldige ôfwaging fan belangen kinne ek grutte wynmûnen op lân pleatst wurde, mar dan wol yn klusters. Dus gjin grutte solitêre mûnen.

De ChristenUnie is weromhâldend mei it ynsetten fan goeie lânbougrûn foar grutskalige opwek fan sinne-enerzjy. Wy wolle dat de provinsje foar grutskalige sinne- en wynprogramma's in sosjaal-maatskiplik kader hantearret, mei rânebetingsten foar ynspraak, partisipaasje en kar fan gebieten lykas:

- + Aktive belutsenens fan pleatslike bewenners, grûneigners en oare belanghawwenden
- + Minimaal 50% pleatslik eigendom
- + Soarchfâldige yntegraasje yn it lânskip (mearfâldich gebrûk fan romte)

De ChristenUnie wol dat de provinsje de mooglikheden ûndersiket om it wieter meitsjen fan feangebieten te kombinearjen mei lokaasjes foar sinne-enerzjy. Omdat it wiete lân minder opbringt, kin de opwek fan sinne-enerzjy in alternative boarne fan ynkommen wêze foar boeren. Wy wolle provinsjaal belied foar sinnepanelen op gebouwen, yndustrie, lâns diken, op it wetter en op parkearterreinen en wettersuveringsynstallaasjes. Lûdsskermen lâns provinsjale wegen moatte tagelyk brûkt wurde foar enerzjyopwek. Op in net brûkt yndustriegebiet en op 'pauzelânskippen' kinne tiidlike sinnefjilden tastien wurde.

Yn de syktocht nei nije foarmen fan enerzjy bringe wy oan de foarkant gjin beheining oan. In lytse, ôffalearme kearnsintrale is it ûndersykjen weardich. Wetterstof is in wichtige foarm fan duorsume enerzjy yn de takomst. Grins en Drinte rinne foarop as it giet om it ûntwikkeljen fan wetterstof-inisjativen. Wy wolle dat Fryslân hjirby aktiver mei Grins en Drinte gearwurkjen giet.

It is essinsjeel dat ynwenners harren kend en heard fiele yn de enerzjytransysje. De provinsje moat it earlike ferhaal fertelle: de enerzjytransysje hat ympakt op de romte en freget offers, mar is needsaaklik en mooglik. Wy kenne it.

Wy wolle dat de provinsje regionale enerzjy tafels organisearret om tegearre mei ynwenners, gemeenten, wetterskip en netbehearders de mooglikheden te ferkennen om oan de enerzjy- en klimaatambysjes te foldwaan. In wichtich ûnderwerp is dêrby de krapte op it elektrisiteitsnet. It doel is dat eltsenien bijdraacht oan it weinimmen fan beheining foar de needsaaklike ferswierring en útwreiding fan it elektrisiteitsnet.

Ús spearpunten en boustiennen:

- + Op mear pleatsen lytse wynmûnen tastean. De hjoeddeiske beheining bij boerebedriuwen fuort nimme
- + Romte foar doarpsmûnen, mei oandacht foar lânskiplike ynpassing en draachflak
- + lânbougrûn yn it foarste plak bestimmen foar produksje fan iten
- + Undersykjen fan mooglikheden foar sinne-opweklokaasjes yn feangreidegebiet
- + Parkearterreinen en wettersuveringsynstallaasje brûke as opweklokaasje

- ⊕ Belied meitsje om 'pauzelânskippen' te brûken foar (tiidlike) opwek fan sinne-enerzjy
- ⊕ Organisearjen fan regionale enerzjy tafels om de enerzjytransysje te realisearjen en wêr mooglik te fersnellen
- ⊕ Aktyf gearwurkje mei Grins en Drinte op it gebiet fan wetterstof
- ⊕ Gjinn gaswinning op lân en onder it Waad

It Waadgebiet

It Waad is UNESCO Wrâlderfgoed. It is wrâldwiid it grutste natuerlike systeem fan sân- en slikplaten en leechlizzende, beskerme eilannen. In unyk leefgebiet foar mear dan 10.000 faak seldsume plant- en bistesoarten, mei in útsûnderlik grutte rijkdom oan iten. Dit makket it Waad ta in ûnmisbere tuskenstop foar miljoenen fûgels op harren trektocht.

It Waad makket diel út fan it Waadgebiet. In gebiet dat enoarm populêr is by rekreanten en toeristen. Begryplik, want de natuer, de romte, de rêst fan de eilannen en de plakken lâns de waadkust binne prachtich.

It Waadfûns

De ôfrûne 20 jier hat it Waadfûns in protte projekten en programma's mooglik makke, mei as risseltaat mear natuer en duorsume ekonomyske ûntwikkeling yn de regio. Mar it Waadgebiet is noch net ôf. De útdagings foar natuer en duorsume ekonomyske ûntwikkeling bliuwe grut. It Waadfûns krijt noch oant 2026 middels fanút it Ryk. Foar de perioade dêrnei binne opnij ryksmiddels nedich foar projekten ta fersterking fan de natuer en in duorsume ekonomy. Wy sette yn op in foars kofinansieringsbudzjet fan € 10 miljoen foar it Waadfûns.

Wetter

Klimaatferoaring liet ta mear waarsekstremen, ek yn Fryslân. Ekstreme delslach en lange droechte nimme harren tol. De lânbou wurdt op mear en mear plakken ernstich beheind troch fersâlting. Drinkwetterbedriuwen meitsje alarm oer drinkwetterfoarrieden. Dit freget in nije balâns yn it fêsthâlden, bergjen en ôffieren fan wetter.

De ChristenUnie stipet it Deltaprogramma, wêryn oerheden gearwurkje oan de wetterfeiligens. Wy wolle dat de provinsje by romtlike oardering mear rekkening hâldt mei wetterfeiligens. Wetterbelangen moatte stjoerend wêze yn alle karren oangeande romtlike ûntwikkelingen. Dat jildt foar wenningbou, diken en ek yndustryterreinen. Lokale polderdiken en kearingen mei fyts- en kuierpaden moatte ek feilich wêze.

Wetterkwaliteit

De wetterkwaliteit yn Fryslân is noch net oeral op oarder. Yn 2027 moat de provinsje oan strange Europeeske easken foldwaan. Dêr is mear regeljouwing foar nedich. It belied om net winsklike fersmoarging fan oerflaktewetter en grûnwetter, bygelyks troch dong en medisynresten foar te kommen, moat oanskerpe wurde. Der moatte mear natuerfreonlike kaden oanlein wurde. Hoe skjinner it wetter, hoe better it mei de fisk giet. Ek wolle we dat yn Fryslân oeral yn it bûtenwetter swommen wurde kin.

Drinkwetter

De stigende fraach nei drinkwetter set de drinkwetterwinning ûnder druk. It is needsaaklik dat boargers yn waarme en drûge perioades harren wettergebrûk oanpasse. Wy wolle dat de provinsje tegearre mei Vitens bliuwt ynnovearjen om de drinkwetterfoarsjenning yn de takomst op peil te hâlden.

Klimaatadaptaasje

We moatte ús better tariesje op ekstreme drûchte en wetterpiken, bygelyks mei ynset fan simmerpolders en regionale wetterbuffers. Klimaatadaptaasje begjint mei klimaatakseptaasje: we moatte wer leare om mei it wetter te libjen. Wetter is in liedend prinsipe yn romtlike ûntwikkeling. De regel 'peil folget funksje'

makket plak foar it prinsipe 'funksje folget peil'. Mear wetter fêsthâlde is it útgongspunt. By de werynrjochting fan gebieten wurde de mooglikheden ûndersocht om wetterberging te realisearjen.

Fersâlting

Om Fersâlting fan de boaiem tsjin te gean, moatte de hjoeddeiske proeven trochsetten wurde. Wy wolle in brede taskforce foar in yntegrale oanpak fan de fersâlting, wêrbij provinsje, Wetterskip en gemeenten gearwurkje.

Ús spearpunten en boustiennen:

- ⊕ Wetter fêsthâlde wurdt it útgongspunt bij romtlike ûntwikkelingen
- ⊕ It wetterpeil yn in gebiet is normatyf foar ûntwikkelingen yn dat gebiet
- ⊕ Mear maatregels om oan de easken foar skjinn wetter te foldwaan
- ⊕ Tegearre mei belutsenen ûndersyk dwaan nei mooglikheden foar wetterberging
- ⊕ Ynsetten fan in brede taskforce foar oanpak fersâltingsproblematyk. Hjoeddeiske proeven en testen trochsette
- ⊕ Ynstellen fan in subsydzjeregeling, yn gearwurking mei gemeenten, foar reinwetter- en wetterrecyclesystemen



Hoopvolle Mienskip

Hoopfolle Mienskip

Soarch

Hiel Fryslân is holpen mei sterke kearnen mei foldwaande oanbod fan soarch yn de foarste line. Húsdokters en fysioterapeuten wurde lykwols te min fertsjintwurdige op it plattelân. Fan alle húsdokters yn Fryslân is 41 persint 55 jier of âlder. Op termyn taast dit de leefberens, sûnens en feiligens oan. Nije foarmen fan konsult op ôfstân binne wichtich, mar losse it probleem net op. De provinsje moat in rezjyrol nimme in it sprieden fan húsdokters en fysioterapeuten oer de provinsje, ek yn lytse kearnen.

Wenjen

Eltsenien hat in thús nedich. Sterker, wenjen is yn ús lân in sosjaal grûnrjocht. Yn artikel 22 fan de Grûnwet stiet it sa: "Befoarding fan foldwaande wengelegenheid is foarwerp fan soarch fan de oerheid." Wenjen giet oer safolle mear dan stiennen steapeljen. Wenjen giet oer yn in mienskip libje, oer gearhing, oer it wêzen fan in mienskip yn in strjitte of buert, yn in wyk of doarp.

Yn it romtlik belied fan de provinsje fine wy trije saken fan grut belang: duorsumens, sosjale kwaliteit en romtlike kwaliteit. De ChristenUnie wol soarchfâldich mei de beheinde romte omgean. Dit betsjut dat we gebouwen wer gebrûke of in oare funksje jouwe en dat wy bouwe nei aard en skaal yn de stêden en op it plattelân.

Ferduorsuming fan de wenningfoarried is in grutte opjefte en foaral ek in saak fan de lange azem. De ChristenUnie fynt dat dizze transysje foar eltsenien betelber wêze moat en dat eltsenien profitearje kin fan de bykommene foardielen. Dêrneist binne wy foarstanner fan duorsume inisjativen lykas *Lytse Hûskes* (Tiny Houses). De provinsje moat hjiryn romhertich fasilitearje.

Minsken mei ferlet fan stipe en/of soarch moatte faker en langer selsstandich wenjen bliuwe. Dizze groep wurdt mei troch de fergrizing al mar grutter. Wy wolle dat de provinsje gemeenten en oare partijen stimulearet om nije wenfoarmen foar dizze kwetsbere ynwenners te realisearjen. Wenfoarmen mei yn de buert foarsjennings, mei mooglikheden om oare minsken te moetsjen en diel te nimmen oan aktiviteiten. Dit draacht by oan oplossings foar iensumens en oan in bettere sûnens.

De krapte op de wenningmerk stelt ús ek yn Fryslân foar útdagings. De ChristenUnie is fan betinken dat der in fersnelling komme moat yn de wentebou yn ús provinsje. Dêrmei nimme wy ek ferantwurdlikheid foar de lânlike wentebou-opjefte.

Ús spearpunten en boustiennen:

- + De provinsje stimulearet it ombouwen fan leechsteande bedriuwen of kantoaren nei wenningen
- + De provinsje stelt easken oan de oantallen wennings yn de kategoryen: sosjale hier, middenhier en betelbere keapwenningen. Hja ynvestearet dêrbij tegearre mei gemeenten yn ûnrendabele toppen yn de grûneksplottaasje as gefolch fan dizze karren.
- + Weninisjativen lykas *Lytse Hûskes* (Tiny Houses) wurde aktyf troch de provinsje stipe
- + De provinsje stimulearet sirkulêr bouwen fan wennings, klimaatbestindich bouwen, gasleas en enerzjyneutraal
- + De provinsje stimulearet sinnepanielen op dakken of oan gevels fan wennings. Eigen enerzjyopwekking levert direkt winst op foar it klimaat en besparret jild
- + Mear rezjy nimme by sprieding fan húsdokters en fysioterapeuten oer de provinsje
- + Gemeenten en soarchpartijen stimulearje by it realisearjen fan nije wenfoarmen foar âlderen en it fuortnimmen fan beheining

Frysk

De provinsje Fryslân is de earstferantwurdlike foar de ûntwikkeling en it fuortbestean fan it Frysk. It Frysk is de memmetaal fan in grut part fan de Fryske befolking. Dochs wurdt faaks oerskeakele nei it Nederlânsk as yn in selskip ien fan de dielnimmers yn it Nederlânsk reagearet. De ChristenUnie fynt it yn stân hâlden fan it Frysk wichtich en wol it sprekken en ferstean fan it Frysk oanmoedigje. Beide aspekten binne wichtich om de Fryske kultuer fierder te dragen.

Basisûnderwiis

Yn it ûnderwizen fan de twadde lânstaal binne skoallen de primêre útfierders. It taalûnderwiis wurdt droegen troch goede metoaden. Tagelyk ûntbrekt it yn it ûnderwiis oan in dúdlike kwalifikaasje struktuer. De ChristenUnie is fan miening dat it ûntbrekken fan kwalifisearre persoanen net as argumint brûkt wurde kin foar it krijen fan in ûntheffing op basisskoallen. De metoaden binne sa skreaun dat ek in fan hûs út Nederlânsktalige juf of master it Frysk goed begeliede kin. Lyk as dat ek bart mei it Ingelsktalige ûnderwiis op basisskoallen. Derby hoeve âlders der net oer yn te sitten dat it learen fan it Frysk in drompel oplevert foar it goed learen fan it Nederlânsk. Undersiken ha oantoant dat twatalige en sels trijetalige skoallen earder foarop rinne as efteroan.

Fuortset- en Middelber Berops Underwiis

Ek it fuortset- en middelber berops ûnderwiis kin net bûten in twatalige opset fan it kurrikulum, omdat der yn ferskate beropsfjilden in protte kontakten mei de lokale befolking plak fine. Yn de detailhannel, yn de soarch, yn it ûnderwiis en ek yn it deistich ferkear kin men net bûten in basale behearsking fan ús twadde lânstaal. De ChristenUnie trunet dêrom by de lânlike oerheid oan op yntegraal ûnderwiis fan beide talen op de skoallen yn it Fryske taalgebiet. Ek mei de ekstra fereaske finansjele middels. De skoallen kinne de taal ek praktisearje by it yn 'e kunde kommen mei de ferskate Fryske sporten en kulturele eveneminten. Sa komt it Frysk eigene yn de folle breedte oan bar.

De soarch en it Frysk

Hielendal as minsken yn noed binne, moatte hja harren yn harren memmetaal uterje kinne. Dêrom moatte wurknimmers yn de soarch it Frysk yn elts gefal passyf behearske. Dat betsjut dat yn de oplieding fan soarchferlieners, ferpleechkundigen, dokters, agogyske meiwurkers en psychologen it passyf behearskjen fan it Frysk as ûnderdiel oanbean wurde sil en winsklik ek it aktyf behearskjen. De ChristenUnie wol dêrom yn oerlis mei de ûnderwiisinstellings yn it MBU en HBU it Frysk oanbiede yn tagonklike modulen dy't yntegraal diel útmeitsje fan de ferplichte modulen.

It bedriuwslibben en it Frysk

De stêds- en doarpsnammen binne op tal fan plakken suksesfol oersetten yn harren Fryske foarm. Yn de praktyk blike de arguminten tsjin dizze feroarings gjin hout te snijen. Ek nimme mear ûndernimmers it Frysk as liedend op yn harren kommunikaasje nei de ynwenners, sa as de earste Fryske supermerk yn Eastermar. Dit wurdt ek wurdearre troch de minsken fan bûten. De provinsje kin mei it posityf ynsetten op 'Praat mar Frysk' de toan sette, sadat mear bedriuwen oar de streep holpen wurde.

Frysk op de RUG

De provinsje Fryslân hat in bestjoersoerienkomst Fryske Taal en Kultuer (BFTK) mei de Ryksoerheid. Dizze ôfspraken wurde yn 2023 opnij makke. Doel is û.o. de Fryske taal yn it ûnderwiis yn it gehiel en dermei ek yn it wittenskiplik ûnderwiis te boargjen. Yn 2022 hat de Ryksuniversiteit Grins gjin heechlearaar oanstelt foar de stúdzje Fryske taal en kultuer. De ChristenUnie trunet oan op it hanthavenje fan de ôfspraken: net allinnich troch ynfolling fan dizze learstoel, mar ek troch in folweardich lesprogramma oan de RUG.

Rjochtspraak en it Frysk

Yn de rjochtspraak hat elts it wetlike rjocht om it Frysk te brûken. Dit jildt nei ús betinken ek foar rjochtsaken dy om praktyske redenen bûten de provinsje plak fine.

Frysk en de Fryske ynstellings

Neist de skoallen hawwe organisaasjes as de Fryske Academy, Tresoar, Omrop Fryslân en Afûk in wichtiche taak, wêr't de oerheid bliuwend stipe oan jaan moat. Mei namme it noed hawwen foar it Frysk as part fan it Frysk erfgoed bringt mei har mei dat ek de lânlike oerheid hjir in kearntaak te ferfoljen hat.

Fryske literatuer

De Fryske literatuer fertsjinnet yn de kommende beliedsperioade ek stipe fan de provinsje. It skreaune Frysk is tige ôfhinklik fan literatuer. Yn it Nederlânsk besteane tal fan skreaune teksten sa as boeken, tydskriften, gebrûksoanwizings. Yn it Frysk fine jo sokke teksten amper. Dat makket it belang fan Fryske literatuer nammerste grutter. In taal kin yn in heechûntwikkele maatskippij pas duorsum bestean wannear't der yn lêzen en skreaun wurdt. Foar skreaune teksten binne auteurs en oersetters nedich, mei boeken en bondels dy't it publyk oansprekke. De ChristenUnie realisearret har dat it útjaan yn it Frysk op 't stuit in aktiviteit is foar idealisten. Der moat meast jild op talein wurde. Dat betsjut dat dit gjin sûne basis is foar de takomst. Dêrom fertsjinnet de marketing fan Frysktalige boeken foar bern, jong folwoeksenen en oare lêzers in ekstra ympuls.

Konkrete punten en boustiennen:

- It Frysk bliuwt as taal in ferplicht ûnderdiel – leafst yntegraal mei pasjende kwalifikaasje struktuer – fan it basisûnderwiis
- Ek foar de middelbere skoallen en it middelbere berops ûnderwiis wurdt it Frysk op in yntegrale wize oanbean en de learlingen yn 'e kunde brocht mei de Fryske kultuer
- Foar Frysk as eksamenfak wurdt fierder wurke oan in sa yntegraal mooglike kwalifikaasje struktuer
- De provinsje ferfollet yn it iepenbier ferkear in sadanige rol dat ek it bedriuwslibben har net skammet om it Frysk te brûken
- Realisearjen fan in folweardige learstoel Fryske taal en kultuer op de Ryksuniversiteit Grins
- Lykberjochting fan it Frysk as twadde taal yn de rjochtspraak
- Frysk is ek erfgoed; stipe fan ryk en provinsje bliuwt nedich om ynstellings as de Fryske Academy, Tresoar, Omrop Fryslân en Afûk yn stân te hâlden.
- Aktive ynset fan de provinsje by it ûntwikkeljen en honorearjen fan plannen om it lêzen yn it Frysk te stimulearjen

Keunst en kultuer

De Fryske kultuer omfettet mear eleminten dan it Frysk allinnich. Minsken hawwe kreative talinten wêrfan we aktyf en passyf genietsje meie. Keunst en kultuer komme ta libben yn de mienskip, yn biblioteken, musea, konsertsealen en teäters. It is wichtich dat dizze plakken beskikber en tagonklik bliuwe foar ús ynwenners, omdat it plakken binne wêr minsken inoar moetsje kinne. We wolle dat ek de jongerein yn kontakt komt mei keunst en kultuer. It beoefenen fan keunst of it bespieljen fan in muzykynstrumint stimulearet de kreativiteit en it ûntwikkelen fan talinten. In tagonklik aanbod fan keunst- en kultuerûnderwiis is dêrom fan grut belang.

Wy wolle dat de provinsje in prominente rol op har nimt as it giet om kultuer. Bygelyks as subsydjeferstrekker, mar ek as klant en hoeder fan ús kulturele klimaat en erfgoed.

Nij Poadium

Mei de yntroduksje fan it nije beleid Nij Poadium yn 2020 is de kulturele sektor behoarlik yn beroering rekke en - diels - ek yn betizing. It is wichtich wer rêst yn it fjild te bringen. Hoewol it as posityf beardele wurdt dat ek nije inisjativen oandacht krije, libbet der foaral bij de fêste partijen ûnfrede. De finansjele pot is net grutter wurden, it tal spylers wol. Ek binne ferskate ynstellings hurd rekke troch koroana.

De provinsje hat de taak om it histoarysk besef te bewarjen, ek op it mêd fan kultuer. Yn it hjoeddeiske belied is de depotfunksje – it feilich bewarjen fan alle relevante kulturele skatten – ûnderbeljochte. Musea kinne allinnich op projektbasis subsydzje-oanfragen yntsjinje. Dêrmei komt de bewarplicht ûnder druk te stean. Dêr komt by dat it Ryk oerwaget om Tresoar net langer as kearntaak te sjen. Hjirtroch komt de depotfunksje noch fierder yn de knipe. Wy fine dat it Ryk hjiryn krekt in grutte ferantwurdlikheid hat. It kin net sa wêze dat histoaryske 'skatten' allinnich mei provinsjaal jild bewarre wurde.

Wy fine dat Fryslân belang hat by in goed en lykwichtich kultureel spylfjild. Net allinnich fanút kulturele motiven, mar ek fanút ekonomyske en toeristyske motiven. Dit elemint moat yn de subsidiearring in rol spylje. It nije beleid kin trochsetten wurde, ûnder betinkst dat de hjoeddeiske situaasje foar de musea yn stân hâlden wurdt.

Kultuer en dialekten

De provinsje Fryslân kint in protte lytse talen. Ferskate regio's, stêden en eilânnen hawwe in eigen taal, mar dizze stean oeral ûnder druk. Wy wolle it gebrûk fan lytse talen stimulearje troch in kennisintrum yn it libben te roppen. Troch lytsskalige projekten kinne lytse talen yn de belangstelling komme te stean.

Monuminten

Spesjale gebouwen, foarwerpen, tradysjes, foto's, films en ferhalen toane de skiednis fan Fryslân. Dit is ús histoarysk erfgoed en moat beskermje wurde. Ek de resinte Fryske skiednis fertsjinnet beskerming, lykas monumintale tsjerken en gebouwen dy kultureel histoarysk weardefol en byldbepalend binne.

Doarpswurk

Doarpswurk hat har enoarm ynsetten foar it goed funksjonearjen fan lytse mienskippen. Fryslân telt 412 doarpen. Ofsetten tsjin de 11 stêden, is dúdlik hoe wichtich de oandacht foar doarpen is. De ferhuzing fan de 'Doarpsshuzenregeling' nei it Iepen Mienskipsfûns (IMF) makket de posysje fan Doarpswurk ûnwis. Doarpswurk hat tagelyk in protte kennis en kontakten opboud. Dy kennis moat boarge wurde yn takomstich belied. Dêrom wolle wy dat Doarpswurk bliuwend stipe wurdt mei subsydzje.

Iepen Mienskipsfûns

It Iepen Mienskipsfûns (IMF) levert ek in wichtige bydrage oan de leefberens en kultuer yn doarpen en op it plattelân. It IMF jout ienmalige subsydzjes foar moetingplakken lykas doarpsshuzen, foar ferskate doelen. In protte doarpsshuzen en enerzjykoöperaasjes hawwe yntusken stipe krigen. Dêr stean wy hielendal efter. Ek in stichting dy mei in protte frijwilligers wurket, kin oanspraak meitsje op subsydzje út it IMF. Wy wolle dat de provinsje yn dit fûns ynvestearjen bliuwt.

Ús spearpunten en boustiennen:

- Bewarjen en sichtber meitsjen fan kultureel erfgoed; in kearntaak fan de provinsje
- Struktureel stypjen fan musea
- Oanmoedigjen fan nije inisjativen as kulturele poadia en keunsthokûnderwiis
- Oanboarje fan nije boarnen yn de toeristyske en ekonomyske sektor om dêrmei de kulturele sektor te finansieren
- Doarpswurk stypjen bliuwe mei strukturele subsydzje

**Verkiezingsprogramma
Provinciale Staten 2023-2027**

Partijbureau ChristenUnie
Postbus 439
3800 AK Amersfoort
www.christenunie.nl

ChristenUnie Fryslân
Postbus 20120
8900 HM Leeuwarden
christenunie@fryslan.nl

ChristenUnie

 Geef geloof een stem